



Programma fen it 50-jierrich feest [fen it] Selskip for Fryske Tael- en Skriftenkennisse, to hâlden op Woansdei 5 Septimber 1894 to Ljouwert

<https://hdl.handle.net/1874/234827>

326

Bz. 1894. VIII 33 v. 13

mm 11430

Selskip for Fryske tael- en skriftenkennisse.

Programma

FEN

it 50-jierrich feest

TO HALDEN

op Woansdei 5 Septimber 1894

TO

Ljouwert.



LJOUWERT.
R. VAN DER VELDE,
FIRMA C. NOÉ LZ.

Priis 10 Cinten.

147

Selskip for Fryske Tael- en Skriftenkennisse,



PROGRAMMA

FEN

it 50-jierrich Feest

TO HALDEN

op Woansdei 5 Septimber 1894

TO

LJOUWERT.



LJOUWERT,
R. VAN DER VELDE, (Firma C. Noé Lzn.)



Leeuwarden — Coöperatieve Handelsdrukkerij.

HAED-BISTJÛR FEN IT SELSKIP.

J. VAN LOON Jzn.,	. . .	<i>Foarsitter.</i>
WALING DYKSTRA,	. .	<i>Bysitter.</i>
P. A. WILHELMY,	. .	<i>1ste Skriuwer.</i>
J. HORNSTRA,	. . .	<i>2de Skriuwer.</i>
A. J. SMEDING.	. . .	<i>Skathâlder.</i>

FEEST-COMMISJE.

Tj. VELSTRA,	. .	<i>Foarsitter.</i>
O. H. SYTSTRA,	. .	<i>Skriuwer.</i>
P. A. WILHELMY,	. .	<i>Skathâlder.</i>
B. H. GORTER,	. . .	} <i>Leden.</i>
K. VAN RIEZEN,		
J. VELDMAN Ez.,		

Programma.

11^{1/2} ûre.

BYIENKOMST

fen de Leden mei hjar frouljue yn de Kofje-keamer fen de Harmonie.

12 ûre.

- a.* **Iepening** fen it feest troch de hear J. VAN LOON JZN., foarsitter fen it Selskip; dêrnei
 - b.* **Feestrede** fen de hear W. DYKSTRA, bysitter fen it Selskip, yn de greате seale fen de Harmonie.
(De sangen hjirby troch de forgearringе to sjongen, steane efter yn dit Programma.
 - c.*
-

2 ûre.

- a.* Bisjen fen it Frysk Museum. (For de Leden fen it Selskip mei hjar frouljue frij iepensteld troch it Bistjûr fen it „Friesch Genootschap.”)
 - b.* Muzyk-útfiering yn 'e Prinsentún, fen it „Stedelijk Muziekcorps” ûnder lieding fen de hear H. DE JONG.
-

Muzyk-útfiering

FEN IT

Stedelijk Muzykcorps

ûnder lieding fen de hear

H. DE JONG,

yn 'e Prinsentún.

Programma.

I.

1. Feestmarsch (mei Frysk Folksliet) . H. DE JONG.
2. Concert-Ouverture LABOURY.
3. Santiago, danse espagnole CORBIN.
4. Potpourri Mad. Angot LECOCQ.

Skofft.

5. Marsch (mei no. 5 út it Ald Lieteboek) H. DE JONG.
 6. Fryske Sangen.
 - a. No. 4. Ald Lieteboek.
 - b. „ 3. Nij „
 - c. „ 11. „ „
 7. Ouverture Dichter und Bauer . . . SUPPÉ.
 8. Potpourri Der Bettelstudent . . . MILLÖCKER.
 9. Finale.
-

4 $\frac{1}{2}$ ûre :

Middeimiel

yn 'e HARMONIE.

(Hwa hjiroan meidwaen wol, moat him úterlik 3 dagen fen to foaren oanjaen by de Skathâlder fen de Feestcommisje, de hear P. A. WILHELMY, to Ljouwert. Sûnder wyn, kostet it miel de persoan f 1.50).

7 $\frac{1}{2}$ ûre :

Feestelike Gearkomste

yn 'e Harmonie.

Opfiering fen trije toanielstikjes troch leden fen de Kriten Grou en de Jouwer, en it Ljouwter toanielselskip.

Twisken de bidriuwen **sang** fen in sjongkoar, ûnder directie fen de hear C. KOSTER.

Dêrnei : útrikken fen medaljes oan de spyljende selskippen.

Nei ôfrin : **dounsjen**.

T A G O N G.

Leden fen it Selskip ha oeral frij tagong mei ien dame.
Hwa gjin lid binne, bitelje : by de Feestrede f 0.25.

By de foarstelling de jouns is de tagongspriis :

for in dame f 1. —

for in hear f 1.25

Trochrinnende kaarten for f 1. — for in dame en for f 1.25
for in hear, binne to krijen by R. v. D. VELDE, boekhannel, Nijsted.

Dizze kaarten jowe mei-ien it dounsjen frij.

PROGRAMMA

FEN DE

TOANIELFOARSTELLING

EN
FEN DE SANG.



1. Feestliet. No. 1.
2. Opfiering fen :

YN 'E FROULJUE FORTIISD.

Blijspil yn 1 bidriuw fen A. STRUIKSMA, troch de Krite **Grou.**

Persoanen:

Jouke Brandsma, skoenmakker, lantearn-opstekker, leedomsizzer ensf.
Jetske, syn dochter.
Teunis Klompsma, slachter en keapman, frjeon fen Brandsma.
Teatske.
Ybeltsje.
Grietsje.

3. Feestliet. No. 2.
4. Opfiering fen :

De mounle nei de wyn draeye.

Blyspil yn 1 bidriuw fen F. G. LOOYENGA, troch de Krite **de Jouwer.**

Persoanen:

Halbe Pinnema.	Jelle Wynsma, mounder.
Hinke, syn foardochter.	Hoatske, syn dochter.
Eile Sybrens, kouekeapman.	Rinze, syn feint.

SKOFT.

5. De rom fen Fryslâns tael. Solo-sang.
6. Fryslân. Feestliet. No. 3.
7. Opfiering fen :

TWA IS IN PEAR.

Oarspronkelik kluchtspil yn 1 bidriuw fen Tr. VELSTRA, troch it
Ljouwter Toanielselskip.

Persoanen:

Freark, kastelein.	Geiske, rike boerinn.
Romkje, syn dochter.	Goffe, hjar soan.
Matsen, syn faem.	Hans, studint.
Wopke, syn feint.	Frans, syn spylfeint.

Tekst ten de sangen ten it Sjonghoar.

Feestliet No. 1.

Frije Friezen, komm' hjer ús liet!
Weits', weits' en hald' jimm' tael yn eare!
Hald' jimm' oan foarfaers geast!
For ljocht en wierheit strieden hja;
Yn alles rjocht troch sé!
O, bliuw' ienfâldich, rein ek fen seden!
Al dat eal', hald' dêroan fêst.

T. V.

Feestliet No. 2.

Helje op, en mei klang
For de ear der eale sang
Hwent hja grypt ús yn it hert
Stees by fleur, mar ek by smert.
Stipet, steunt libbensnocht
Rju by alles hwat men docht.
As it heechst hwat bistiet,
Earje wy ús liet.

—
De fryske groun en fryske sprake,
Lân en tael fen beppe en pake,
Aldfaers erf ús sa nei,
Dat docht ús sjongen op dizz' dei,
Nou 't Selskip for de Fryske tael,
En skriftenkennis, sûnder prael
Hjoeddei fiert mei blide geest
It fiiftichjierrich feest.

—
Ear oan 't Fryske lân,
Frijheids heechste pan;
Bou en greide, bosk en fean,
En ús hynders, skiep en kij
Koaikjen, jeyen, fiskerij,

Joech in goed bistan
Oan it Fryske folk,
En elts bea is ynlik nolk,
Op it feest fen dizze blide dei:
Det dit hjir sa bliuwe mei.

—
„Rêd forljocht de tiid!“
Ropt men wiid en siid;
Mar hwat der ek mei forgean,
Fryslans tael dy bleau bistan.
Fen útwiidske pronkerij
Wiern' ús foarfaers sij;
Mar it rjocht en sljocht
Joech hjar wiere libbensnocht.
En nou sjonge wy lûd en ynlik nolk:
Ja de tael is hiel it folk.

—
Sjong, spylje, en dounsje yn 't roun!
Wirdt gjin fryheidsbeam mear foun,
't Nimt for ús net wei:
Fleurich binn' w' op hjoed de dei.

En litt' w' yn al ús dwaen
Al de brúkmén fen alear,
Hjar rjocht jimmer jaen,
Yn alle ear, nei hertsbigear.

Skipkefarre op 'e mar
Mei de riemen bar om bar,
Roeye yn 'e simmerjoun,
Skink ris yn en bring ris roun.
Twa by twa, o sa smûk,
Sjonge út it Lieteboek,
Winters op it gledde iis
Kriigje en kampje om de priis!

Us keatsen en hirdriderij,
Hirdsilen en ringriderij,
Binn' feesten fen 't ald alear.
Ho spitich det hja mear en mear,
Neibauwe hwat de útman docht,
't Jowt op in dûr gjin wille en nocht,
Hwat elts op dizze blide dei
Wol goed bitinke mei.
Fryske tael, Fryske sang,
Rjocht en sjocht, en frije geast,
Hald' w' oan fêst ús libben lang,
Swar it op dit gouden feest!

T. V.

De rom fen Fryslans tael.

(SOLO-SANG.)

It Selskip for ús Fryske tael- en skriftenkennis fiert
Yn Fryslans haedstêd hjoed in feest, Bliid klinke nou ús liet,
Helje op ta eare fen ús tael, En folk en lan mei ien,
Hwent fiiftich jier, in heale ieuw, Hat 't Selskip nou bistien.

Al hwat forgie op 't wraldske roun, Us tael dy bleau bistan.
Swietlûdich klinkt hja elts yn 't ear; Och, hoedsj' hjar for forgean,
Wy ha hjar ljeaf mei hiel ús hert, Bioefenje hjar mei nocht,
En achtsje Gysberts wurden heech: Dat goede: „Rjocht en sljocht.”

De tael is 't folk, it folk de tael. Us foarfaers stoer en roun,
Dy oars net knibblen as for God, Ha dêrfen bliken jown
Yn wird en died; de skiednis tsjûcht Yn rym en yn forhael...
Sa sjong' wy op ús Gouden feest, De rom fen Fryslans tael.

T. V.

F R Y S L A N D.

Feestliet No. 3.

For âld Fryslans groun helje op nou in liet,
Nou de soargen wei, wei mei fortriet!
Hwêr 't men 't siket, fier yn 't roun,
Wy fine nocht op Fryske groun:
As by 't *maitiid* wer it knopke 'm ontjowt,
As it sintsje 't fjild bistruit mei goud,
As it ljurkje sjongt en kliuwt,
En heech yn it loftrom swaait en driuwt,
Den is it oeral wille en tier,
En alles laket like blier.
„Maimoanne pronkseal” is den 't wâld;
Hwêr 't nou it fûgelt' heechtiid hâldt,
En oeral klinkt de brilloftssang,
As scoe it dûrje libbenslang;
En sels it fiskje yn it wiet,
Harket nei 't fleurge brilloftsljet,
En it springt fol nocht út it wetter faek op,
Om to hearren dy blide fûgelrop.
Maitiid op ús Fryske groun
Jowt wille en nocht oeral yn 't roun

En *simmers!* — O simmer, hwat bringst ús in tier,
Hwat binne dyn dagen dochs blier!
't Gouden sintsje, sa waerm en gol,
Ripet d'ieren fen nôt sa fol,
Yn it rêstige wâld, yn it beammegrien,
Bikomt men is 't skrippen wer dien.
Ef men farket oer 't spegeljend wiet,
En den rollet oer 't wetter it fleurige liet:
Yn 'e simmer, Is ús jimmer
It hert sa rom, Mids krúd en blom,
As de sinne Greide en finne
Mei glans oerstrielt, Mei goud bimielt;
Den to farren Oer de marren,
As 't wyntsje waeit En ús omacit.
Nearne better, As op 't wetter,
Neat dat ús mear paeit!

En it fé yn 'e finne riist âljend oerein
En sjongt op syn wize 't refrein.
En de swietroak folt oeral de loft,
En it fûgelt stimt mei yn fen noft.
O, hwêr fynt me wille en noft fier yn 't roun,
As simmers op ús Fryske groun!
Ja, den fiele w' ús herte sa rom en bliid,
Den smeitsje wy nocht sa swiid.

Folget de *hearst* de simmer op,
Swijt gau de blide fûgelrop,
Sjocht men it lân fol stoppels stean,
Swietwei it blomt' fen 't fjild forgean, —
Al dôve 't felste sinnefjûr,
Dochs bleau er skien genôch yet oer:
't Beamt' yn it wald waerd moayeroan,
Nou 't pronket mei goudene kroan.
Stouw' de bledden gau elkoarren nei,
Boartsje hja dounsjud oer fjild en wei,
't Jongfolts fynt like goed syn tier,
Geane feint en faem to bjier.
Yn 'e merke is nocht. Nou keamer op!
To nou, spylman. Kom, to spylje op!
'n Fleurge merke mei nou der op stean,
Warb're hân foun nou syn lean.

Fen alle tiden fen 't jier
Wint lykwols *winter* it fier.
Makket hy 't wetter ta 'n steev'ge dyk,
Den hat de wille hjir rounom syn ryk!
Sjoch ho 't it krielt op 'e baen,
Sjoch hwat in wille 't kin jaen,
Feinten en fammen, it sjongt en djoeit,
Wylst fen 'e nocht elts it antlit gloeit.
Leit al it blomt ûnder snie hast as dea,
Yn 't jong herte bloeit nou in blomke sa rea,
It spraet glans en jowt geur oan 'e wrald yn it roun:
Nou bloeit ljeafde op Fryslans groun. —
Helje op in liet dos ald Fryslan ta ear,
It mey' groeije en bloeije al mear en al mear!
Fryslan boppe! sa klinke 't oer wetter en wald,
For it bêste lan to wrald.

O. H. S.

S A N G E N (to sjongen by de Feestrede.)

I. Fryske sang.

1.

O, rôlje oer bou en greiden
En walden fier yn 't roun;
Forspraet dyn bliere klanken,
Oer hiel de Fryske groun!
Trilje eltse Fries yn d'earen,
O golle Fryske sang
Wy scill' dyn wizen sjonge,
Us hiele libben lang.

3.

En scil ús stimm' ris swije,
En gean ús d' eagen ticht,
Dochs scill 't dêroan net lizze
Dochs klinkt in eabel dicht.
Den scil de neiteam sjonge
De golle Fryske sang,
Syn wizen scille klinke
Hjar hiele libben lang.

2.

Hwat tiidstosk ek fordylge,
Ef hompte yn iwge rêst,
Hwat wikslet ef foroaret,
Wy halde ús sprake fêst.
Wy scille as d' alden sjonge
De golle Fryske sang;
Syn wizen scille klinke,
Us hiele libben lang.

4.

Ja, sa lang beammen bloeye,
Sa lang it wyntsje waeit,
Sa lang de gerskes tiere,
Sa lang de hoanne kraeit,
Sa lang scilstou ek klinke
O golle. Fryske sang,
Scilst' rôlje oer bou en greiden,
Sa lang, sa lang, sa lang.

T. R. DYKSTRA.

II. Wy, wy litte ús tael net farre.

1.

Wy, wy litte ús tael net farre,
Lit se mennich herte ek kald;
Fryske klanken, Fryske sprake
Hawwe yn 't Fryske hert hjar hald.

3.

Skien 't de sé it lân to gnaude,
Oermacht mei forried yn boun,
't Heitelân yn 't leech sims fierde,
D' alde spraek klinkt yet yn 't roun.

2

Langer al as tweintich ieuwen
Hat it Fryske folk bistien,
Hat it fen syn leed en wille
Yn dy klanken útring dien.

4.

Wy, wy scille ús tael biwarje,
Tsjûge en byld fen Fryske sin,
Ofprint fen 'e geast der affaers,
Fen hjar eable frijdomsmin.

5.

Né, wy litte ús tael net farre,
Jimmer halde wy s' yn ear;
Sûnder Frysk gjin Fryske seden,
Sûnder Frysk gjin Friezen mear.

G. COLMJon.

III. De Fryske tael.

Jimmer moat ik smeulend hearre :
Fryslans sprake moat forgean.
En oan forfal fen kreften stearre ;
Hja is to'n ein en kin net mear bistan.
Mar ik seil stride , sa lang ik stride kin ,
For Fryslans tael en frije fryske sin.
Fryslans tael , Fryslans tael hald ik yn eare ,
Fryslans tael , Fryslans tael , sa fol fen kreft en prael.

O , ik sjoch it by de Friezen
Nimt de sucht for 't freamde ta ;
Dat docht my hast de moed forliezen ;
It bastreskaei wol 't rounne Frysk net ha.
Mar ik ensf.

Al hwat ienkear wêzen krige ,
Moat ek wer forsinke yn 't neat.
Dy stielen wet , ik fiell it tige ,
Wirdt troch gjin kreft , gjin iizren wille keard.
Mar ik ensf.

Moat ús alde sprake stearre ,
Frije Friezen , help net mei.
Om hjar moedwillich to bidjerren :
Smyt al 't oerdwealsk jimm' alders erf net wei.
Né , ik ensf.

Is den nei forrin fen ieuwen
Ek ús alde tael forgien ,
Sa lang der earne Friezen bliuwe ,
Hja scille 't witte en priisgje hwat wy dien' !
Ja , ik ensf.

WALING DYKSTRA.

NIEUW MAGAZIJN VAN GALANTERIËN :

A. DE LOOZE,

Wirdumerdijk E 41 — LEEUWARDEN.

PRACHTVOLLE SORTEERING IN :

Heeren- en Dames-Parapluies.

LEEUWARDEN.

WAAGSPLEIN.

C. & A. Brenninkmeijer.

Specialiteit

Mantels en Stoffen.

COSTUMES OP MAAT.



Elegante Coupe.

L. VAN DER HEIDE.

BEHANGERIJ.

STOFFEERDERIJ.

Magazijn van Tapijten en Gordijnstoffen.

BEHANGSELPAPIER.

LEEUWARDEN, NIEUWESTAD, G. 94.

m 495



M. J. Nalet,

Firma H. ADAMA.

HOFLEVERANCIER.

GOUD- en ZILVERSMID.

Nieuwestad 154, LEEUWARDEN.

Hôtel Café Restaurant
„De Klanderij”,
Leeuwarden.

LOGIES, ONTBIJT f 1.50.


DINER f 1.25.



Restauratie den geheelen dag.

Aanbevelend,

Gebr. KUIPER.



Verlichtings-Artikelen.

Gasornamenten, Petroleumlampen.

Petroleum-Kookstellen.

Huishoudelijke Artikelen.

B. ADRIANI.

KELDERS 191.

LEEUWARDEN.

SPECIALITEIT IN :
Engelsche Drops, Suikerwerken,

Biscuits, Fondants, Zoete Chocolade, enz.

Aanbevelend,

J. G. SNIJDER.

Weerd, Leeuwarden.

G 28.

WIRDUMERDIJK.

S. Tulp Sz.

IN DE VALK.

LEEWARDEN.

Kruideniers- en Grutterswaren,
Gedistilleerd, Wijnen en Likeuren,
Tabak en Sigaren, Voerartikelen enz.

Beveelt bijzonder aan zijne krachtige

IN DE VALK.

Koffij- en Theesoorten.

WIRDUMERDIJK.

G 28.

PHOTOGRAPHIE.

Atelier voor fraaie onveranderlijke PHOTOGRAPHIËN.
VERGROOTINGEN enz. — *Prachtige Inrichting.*

I. H. Slaterus.

*Langemarktstraat 14,
bij het Station.*

Leeuwarden,
(vroeger Weerd).

MANTELS,
JAPONSTOFFEN.
DAMES- en HEERENKLEERMAKERIJ.
Leeuwarden. DE JONGE & Co.

Stoomververij en Chem. Wasscherij

VAN

J. DE LANGEN,
LEEWARDEN. NIEUWESTAD 18.

Speciaal ingericht tot het VERWEN en
UITSTOOMEN van alle soorten *Heeren-*
en Dameskleedingstukken, Gordijnen, Tafelklee-
den, Dekens enz.

J. W. BUKERS.

Grootste sorteering in fijn en ordinair Schoenwerk.
Alles zeer soliede.

Schoenen voor GEVOELIGE VOETEN. Voor de natte dagen is 't beste
waterdichte schoenwerk **DICK'S SCHOEISEL** met gutta-percha zolen.

Reparatie van leder- en gutta-perchawerk billijk, netjes en soliede.

Beleefd aanbevelend,

Nieuwestad 38.

J. W. BUKERS.

*

FABRIEK

VAN ALLE SOORTEN

fijn en grof Mandewerk en rieten Meubelen,
Botermanden voor Zuivelfabrieken,
bij groote hoeveelheden beneden elke concurrentie.
Inrichting tot het repareeren van alle soorten
Riet- en Mandewerk.

J. S. ROLF JZ.

Nieuwestad G 116, LEEUWARDEN

Magazijn van Galanteriën, Kristal, Glas en Porselein.

Uitgebreide keuze

Japansche Artikelen.

Groote sorteering FIJN MANDENWERK.

Beste adres voor HANDKOFFERS.

Solied adres van **DAMES- en HEEREN-PARAPLUIES.**
NAALD PARAPLUIE, nieuwe stokjes f 2,10. Voor elke
PARAPLUIE wordt ingestaan.

Enorme voorraad Kinderspeelgoederen.

PEEK & CLOPPENBURG

hebben tot stelregel, waardoor zij steeds succes behaalden :
soliede Goederen tegen den minsten prijs à contant, en elken
cliënt uitstekend passende Kleding verkoopen.

Wie degelijke, soliede en goed passende KLEEDINGSTUKKEN,
gemaakt of naar maat te maken, à contant wil koopen, ga bij

PEEK & CLOPPENBURG,

en overtuige zich van de groote keuze, prima stoffen, degelijke
voering, en van tot dusverre ongekend lage prijzen.

Specialiteiten in middelgenres en fijne confectie.

Door elegante Coupe en zorgvuldige afwerking, waardoor
onze Kledingstukken zich steeds kenmerken, staan onze
inrichtingen bovenaan onder de Kleding-magazijnen.

De aan elk Kledingstuk gehechte Kaart
vermeldt in duidelijke cijfers den Prijs,
zoodat elke koper zich kan overtuigen.

R. VAN DER VELDE

(Firma C. NOË Lz.),

Nyestêd — Ljouwert,

hat yet to keap inkelde ex. fen **IT ALD LIETEBOEK.**

Scil útjaen in:

**Fryske Skoer-Almenak
for 1895.**

Opmakke troch WALING DYKSTRA, C. WIELSMA
en D. ZIJLSTRA.

Priis 50 Cinten.

M A G A Z I J N

VAN

Garen, Band, Handschoenen,

CORSETS, BOEZELAARS enz.

H. VARENHORST.

SPECIALITEIT

in Heeren-Artikelen.

LEEWARDEN,

over de Korenmarkt, No. 224.

m. 735